

1 **Taspraak Gysbert Japicxpriis** 2 **foar poëzij 2021** 3

4

5 Froulju en manlju,
6

7 It is in grutte ear dat ik hjir it wurd
8 fiere mei út namme fan Nynke
9 Heeg en Hein Jaap Hilarides, dy't
10 mei my de advyskommisje
11 foarmen foar dizze Gysbert
12 Japicxpriis.
13

14 It wurk dat wy as kommisje dien
15 hawwe, wie in syktocht nei de
16 bêste poëzibondel yn de Fryske
17 taal fan de ôfrûne fjouwer jier.
18 Dy syktocht bestie út it lêzen fan
19 50 dichtbondels. Dy bondels
20 hawwe wy hifke en ferlike en doe
21 hawwe wy fan gedachten wiksele
22 oer de ynhâld.
23

1 Dat proses wol ik hir yn trije
2 stappen koart behannelje.
3

4 1. Bepale hokker skaaimerken
5 meitsje dat in gedicht of in
6 bondel fan gedichten better is as
7 de oare. Mei oare wurden: op
8 hokker kritearia basearje jo jo
9 oardiel?

10 2. Bepale hokker bondels it bêste
11 oan dy kritearia foldogge.

12 3. It bepalen fan de winner.
13

14

15 **Stap 1. De kritearia** 16

17 Poëzij is foarm, mar dy foarm
18 moat de ynhâld stypje. Net
19 oarsom. Uteinlik moatte jo de
20 kwaliteit mjitte oan it effekt dat in
21 tekst – koart of langer – hat op de
22 lêzer. Rekket it jo? Docht it jo wat?
23 Goede poëzij set de holle en de

1 sintugen yn beweging. In goed
2 gedicht makket jo lilik, bliid, tryst,
3 dêr kinne jo om laitsje, of slacht jo
4 de grûn ûnder de fuotten wei.
5

6 De tekst moat wat mei jo dwaan.
7 Dat waard ús útgongspunt.
8

9 It foargeande - poëzij moat wat
10 mei jo dwaan - makket ek dat de
11 tapassing fan kritearia it karakter
12 hat fan in rasjonalisaasje efterôf.
13 It is net sa dat jo sizze: it gedicht
14 moat tusken de 10 en 20 wurden
15 wêze, it moat rymje en dan is it
16 goed. Nee, it is yn alle estetyske
17 prosessen oarsom. Jo sjogge in
18 prachtich skilderij en jo freegje jo
19 ôf werom oft jo it prachtich fine. Jo
20 lêze in prachtich gedicht dat jo
21 rekket en dêrnei freegje jo jo ôf
22 werom oft jo it prachtich fine.
23

1 Wêr't wy foarôf net perfoarst nei
2 sochten, mar dat wy achterôf al
3 tsjin oan rûnen, wienen saken as:
4 1. De gedachte, de tematyk en
5 foaral hoe dy ferwurde wurdt. Sit
6 der in djippere betsjutting yn?
7 Wurdt der mei taal boarte? Is de
8 taalkar ferrassend, aardich,
9 djipsinnich?
10 2. De foarm. Stipet de foarm de
11 ynhâld? Wurdt yn in sonnet,
12 bygelyks, de fal, de omslach
13 tapast om it ferrassingseffekt te
14 krijen dat de measte goede
15 sonnetten hawwe? Wurdt it ritme
16 konsekwint brûkt. Is der sprake
17 fan twongen rym?
18 3. Technyk. Helpe dichtmiddels as
19 rym, metrum en enzjambemint -
20 as dy al brûkt wurde - om de
21 ynhâld te fersterkjen?
22

1 Wy hawwe faak praat oer de
2 fraach of de fakmjittigens fan de
3 dichter al of net yn de gedichten
4 ta utering kaam. En wêrom by de
5 iene wol en by de oare net? Stike
6 it op it brûken fan tefolle wurden,
7 of just te min? Dogen de
8 metafoaren net? Wienen de fersen
9 te hermetysk of fertelden se just
10 fiersten tefolle? Sokke dingen
11 hawwe wy as kommisje befrege.
12

13 In goede dichter kin mei wurden
14 en techniken in tekst meitsje dy't
15 effekt hat. Goed dichtsje is net
16 allinne de útdrukking fan talint,
17 mar ek de útdrukking fan ien syn
18 ûntwikkeling en ynteresses.
19

20 Dat is fakmjittigens. Metrum,
21 wurdlingte, sinslingte, foarm,
22 ynhâld, toan: alles moat klopje.
23 De lêzer moat by it lêzen net

1 stroffelje oer in strofe, in sin, in
2 wurd, in lêsteken. En op syn
3 aldermoaist is it fers dan ek noch
4 goed foar te dragen.

5
6

7 **Stap 2. De bondels.**

8

9 De rispinge fan de Fryske poëzij
10 yn de ôfrûne 4 jier wienen 50
11 bondels fan ûngefear 40
12 skriuwers.

13

14 In grut ferskaat kwa tematyk,
15 foarm, lingte, toan.

16

17 Wat falt op:

18

19 1. It ferline liket by in protte
20 Fryske dichters grutter as de
21 takomst. It giet faak oer doe. Dat
22 soe wolris wat sizze kinne oer de
23 leeftiid fan de dichters...

1
2
3
4
5
6
7
8
9
10
11
12
13
14
15
16
17
18
19
20
21
22
23

2. Wat wy ek seagen, wie in soad twatalich wurk – Frysk en Hollânsk. By guon hawwe wy ús ôffrege wat de oarspronklike taal wie. Net dat dat hiel relevant is, mar dochs....

3. De fisuele kultuer dy't oeral opkomt, hat ek de Fryske dichters te pakken. In protte bondels binne in kombinaasje fan tekst en byld, faak foto's.

4. In hiel opfallend skaaimerke fan de bondels sit yn it persoanlike karakter fan in soad teksten. Dat fertsinnet mear taljochting. Tsjin de ein fan de njoggentjinde iuw waard it Hollânske literêre lânskip oerhearske troch in streaming dy't harsels de 'Tachtigers' neamde. Fan har

1 foaroanman Willem Kloos is de
2 definysje fan keunst en literatuer
3 as “de allerindividueelste
4 expressie van de
5 allerindividueelste emotie”.
6

7 De yndividualisearring is sûnt dy
8 tiid fierder gong – yn de
9 maatskippij, mar ek yn de
10 literatuer en foaral yn de poëzij.
11 Kloos hat ynfloed hân – poëzij
12 wurdt hjoed de dei faak sjoen as
13 in persoanlike utering. Soms hiel
14 persoanlike uteringen. Dat blykt
15 ek út de rispinge fan de Fryske
16 poëzij fan de ôfrûne jierren. In
17 grut part fan de bondels befettet
18 teksten dy’t sa ticht by it hert
19 fan de skriuwer lizze dat se
20 muoilik tagonklik foar in lêzer
21 binne.
22

1 Dat fenomeen bringt my werom
2 op ús útgongspunt: poëzij moat
3 wat mei jo, de lêzer, dwaan. Dat is
4 in mjitstêf dêr't de
5 'alderyndividueelste ekspresje'
6 net altyd oan foldocht.
7 Wy hawwe as advyskommisje
8 socht om teksten dy't eat
9 oerdrage, teksten dy't
10 kommunisearje. Teksten dy't
11 betsjutting hawwe foar lêzers.
12 Teksten dy't rekke binne en dy't
13 reitsje.
14

15 It wie op grûn fan dizze kritearia
16 net hiel dreech om in skifting te
17 meitsjen en ta in koarte list te
18 kommen. Der wienen in stik of 8
19 bondels dy't der nei ús tinken
20 boppenút stutsen.
21

22

23 **Stap 3. De winner**

1

2 It bepalen fan de winner. Dat wie
3 in stik dreger. Hokker fan dy
4 bondels is de alderbêste?

5

6 Dat wie it stuit dat wy breder sjen
7 moasten. Hoe stiet de dichter
8 bygelyks yn de Fryske tradysje
9 fan it dichtsjen? Lûkt sy of hy de
10 line fan Gysbert Japicx, de
11 bruorren Halbertsma, Piter Jelles
12 Troelstra, Obe Postma, Hessel
13 Miedema en Tsjêbbe Hettinga
14 troch nei it no?

15

16 Dy dichter en dy bondel hawwe
17 wy by eintsjebeslút fûn.

18

19 Wy hawwe útsteld om de Gysbert
20 Japicxpriis 2021 ta te kennen oan
21 Eeltsje Hettinga foar de gedichten
22 dy't hy fan 2017 oant 2019 makke
23 as 'Dichter fan Fryslân'.

1

2 It giet dêrby net om in bondel yn
3 tradisjonele sin, mar om in
4 webside en in bylage by de beide
5 Fryske kranten. Wy fine dat gjin
6 probleem. It is gewoan in
7 moderne publikaasjewize.
8

9 Yn 'Dichter fan Fryslân' wurdt
10 poëzij op in geweldige wize mei
11 polityk en mei de dwylsin fan de
12 dei ferbûn. It wurk hat in rykdom
13 oan sitaten, altyd te plak, út
14 literatuer, skiednis en
15 (pop)muzyk. Boppedat is de
16 behearsking en kennis fan de taal
17 en fan it ûnderwerp fan skriuwen
18 fabeleftich.
19

20 Dizze dichter fynt himsels hast by
21 alle gedichten opnij út, sa't er dat
22 earder ek al die yn oare bondels.
23 Hy slagget der no ek noch yn om

1 de aktualiteit te ferbinen mei
2 poëzij. Hy makket fan it nijs in fers
3 en fan in fers it nijs of in stik
4 skiednis.

5

6 Ien koart foarbyld út it gedicht 'De
7 fearten':

8

9 *... As bloed rûn molke*
10 *de fearten yn: in ferset tsjin*
11 *alles wat*
12 *it hert út djipste fan frijheid*
13 *helle.*

14

15 Op in geweldige poëtyske wize lit
16 de dichter de lêzer de pine fan de
17 Molkestaking fiele.

18

19 Ek in dreech ûnderwerp as de
20 Brexit wurdt yn 'Dichter fan
21 Fryslân' ta poëzij makke. Yn
22 'Westminster Bridge' wurdt yn
23 dichtrigels skynber achteleas

1 sawat de hiele Brexit ferklearre en
2 tagelyk it gefoel fan ûnmacht
3 ynfielber makke.

4

5 Foar alle protesten,
6 nijsberjochten, klachten, mar ek
7 oades en memoria fynt Hettinga
8 in nije foarm. En dy foarm jout de
9 ynhâld fan it gedicht altyd ekstra
10 krêft en lading mei.

11

12 Dat alles makket 'Dichter fan
13 Fryslân' yn ús eagen ta it bêste
14 dat de Fryske poëzij de ôfrûne
15 jierren opsmiten hat.

16

17 Oertsjûgje josels.

18

19 Dêrmei earje wy ek in dichter dy't
20 al in ryk oeuvre op syn namme
21 hat.

22

1 Ut namme fan de advyskommisje
2 de hertlike lokwinsken oan Eeltsje
3 Hettinga.
4

5

6 Froulju en manlju,
7

8 Ik wol ôfslute mei in pear wurden
9 fan tank.

10 Om te begjinnen tank oan
11 Deputearre Steaten foar de
12 earfolle opdracht en it betrouwen
13 dat yn ús steld is.
14

15 Dan myn persoanlike wurd fan
16 tank oan myn twa oare
17 kommisjeleden, Nynke Heeg en
18 Hein Jaap Hilarides, foar de
19 gearwurking. De iepen geast en it
20 kritysk fermogen fan har beiden
21 hat my in soad wille en stof ta
22 neitinken jûn. It
23 trochsettingsfermogen om yn

1 hiele drege persoanlike
2 omstannichheden dochts dit wurk
3 te dwaan, is
4 bewûnderingsweardich. Ik koe
5 harren beiden earder net
6 persoanlik, mar no wol. Dat is in
7 foarrjocht.
8

9 Dan by einbeslút - en dan wer út
10 namme fan de hiele
11 advyskommisje - in wurd fan tank
12 oan alle dichters fan Fryslân. Dat
13 jimme der binne en dat jim
14 dichtsje, jout oan dat ús lange
15 literêre tradysje libben is. Nim ús
16 wurden dan ek net te ernstich,
17 mar brûk der fan wat jim brûke
18 kinne en ferjit de rest. Jim
19 krewearjen is weardefol, want
20 allinne dêrtroch bliuwt ús literêre
21 tradysje libben.
22

23 Ik haw sein.

